
LESBRIEF

Fete



Skelte Siweris Braaksma – *tekst en byld* | Afûk, 2019 | ISBN 978 94 92176 99 8 | hurd kaft, 91 siden | Leeftiid: 12+

YNHÂLD

Oer it boek 1
Oer de skriuwer en yllustrator 1
Mear strips oer skiednis 2
Koarte ynhâld 1

Oan de slach 2
SKRIUWE – *de strip Fete sels ynfolje*
SKRIUWE – *fersin in stripke*
TEÄTER – *tableau vivant*
LÊZE – *(foar)lêze Fryske frijheid*

Wurkblêden 5

OER IT BOEK

It histoaryske fryske stripboek *Fete* begjint mei in oersjoch fan de wichtichste personaazjes út it ferhaal. Yn it stripboek sels wurdt elke wichtige fjildslach en de ferjilding dêrop yn it giel oanjûn boppe-oan de bledside. Yn dit byldferhaal is in soad dialooch, wat it ferhaal en de personaazjes ta libben bringt. Achter yn it boek is beskreaun wat fiksje is en wat sa krekt mooglik basearre is op 'e wiere skiednis.
De strip is lykas Braaksma's oare boeken makke yn in 'gewassen inkt-stijl', wat unyk is binnen de dissipline. It jout de platen in nostalgyske laach, in fleuchje sepia, wêrtroch't de lêzer automatysk trochhat dat er yn in histoarysk ferhaal sit.

OER SKELTE SIWERIS BRAAKSMA

LIBBEN EN WURK

Skelte Siweris Braaksma (1995) út Marrum is in Fryske striptekener en yllustrator. It ûnderwerp yn syn wurk is meastentiids skiednis en dan benammen Fryske skiednis, mar altyd skiednis mei in bytsje aksje. 'En dan komst al gau út by de oarloch', konkludearret er. Ek fantasyfolle ûnderwerpen pakt er op. Hy hat de oplieding ta mediafoarmjouwer Art & Design folge oan ROC Friese Poort yn Drachten. As einopdracht by syn staazje by Museum Dokkum makke er it boek *Bonifatius en de Friezen*, syn earste histoaryske stripboek.

Op syn 15de al makke er syn earste stripboek, *DE F.K.P.*, In ferhaal dat him ôfspilet yn de tiid fan de Twadde Wrâldoarloch. Mar yn stee fan in striid tusken de Dútsers en de Nederlanners betocht Skelte in sabeare oarloch tusken Fryslân en Grinslân, mei de Fryske Kommunistyske Partij as middelpunt.
Yn maart 2017 is er mei syn ienmanssaak Striplân úteinset as selsstannich grafysk foarmjouwer, yllustrator en striptekener. Mei sukses: foar de strip *Het Front*, ynspirearre op *1984* fan George Orwell, krige Braaksma de earste priis fan it Kamper Stripspektakel. Braaksma is lid fan De Noorderlingen, in kollektyf fan stripmakkers yn Fryslân dy't elkoar stypje, ynspirearje en promoatsje. Syn wurk hat ek op ferskate tentoanstellingen te sjen west. Syn missy is om fan Fryslân in striplân te meitsjen.
Op it stuit is hy dwaande om it boek *Rêdbâd* fan Willem Schoorstra te bewurkjen as strip. Om it album te realisearjen is in crowdfundingsaksje op tou set.
Braaksma hat de keunst mei de brijleppel ynjûn krigen. Syn heit Machiel Braaksma is byldzjend keunstner en skriuwer. Syn mem, Lolkje van der Kooij, is yllustrator.

www.skeltesiwerisbraaksma.nl

Oare strips fan Skelte Braaksma:

- *Bonifatius en de Friezen, Museum Dokkum, 2016*
- *De F.K.P. - In Fryske Oarlochsstrip*, Perio, 2010
- Magnus, Baldrs Draumar, 2019
- It Blauwe Hûs, De Ryp, 2020
- De FKP 2 Revolúsje, Afûk, 2014

MEAR STRIPS OER SKIEDNIS

- Yllustrator: Dick Matena, skriuwer: Nynke van Hichtum, *De tsien fan Martens Afke*, Uitgeverij Personalia, 2014
- Yllustrator Eric Heuvel, auteurs Ruud van der Pol en Menno Metselaar, *De ûntdekking*, Anne Frank Stichting, 2003
- Skriuwer Jules Verne, yllustrator Roelof Wijtsma, *In Wrâldreis yn 80 dagen*, Regaad, 2010
- Skriuwer Josse Pietersma, yllustrator Roelof Wijtsma, Jelmer, *Wie dienen wij hiermee?*, Uitgeverij Personalia, 2020
- Richard Bos & Alexander Russchen, *Reboelje te Kollum*, stifting Mudhoen/Wijdemeer, 2023
- Richard Bos & Alexander Russchen, *Leeuwarder bieroproer*, stifting Mudhoen/Wijdemeer, 2020

De Fryske Frijheid is in finster yn de kanon fan de Fryske skiednis. Yn in filmke wurdt útlein hoe't Fryslân der yn dy tiid hinne lei. Klik hjir: https://bit.Ly/2vbliwe (oant 9:26 min.)

YNHÂLD

Fete is in histoarysk stripalbum oer de Grutte Fryske Oarloch yn Fryslân, de Boargeroarloch tusken de Skieringers en de Fetkeapers yn de 15de iuw, mei dêryn ferhalen fan ferskillende histoaryske personaazjes, lykas haadpersoan Koppen Jarich, boargemaster fan Grins, dat doe by Fryslân hearde. It ferhaal folget gronologysk de fjildslaggen tusken de Skieringers en de Fetkeapers fan 1413 oant en mei it tekenjen fan de soen op 1 febrewaris 1422 yn Grins, de saneamde Frede fan Grins.
Braaksma hat him goed ferdjippe yn it ûnderwerp. De basis foar it skriuwen is de masterskripsje oer de Grutte Fryske Oarloch dy't Eise Engelsma yn 2010 skreau foar syn ôfstudearjen oan de Rijksuniversiteit Groningen. Om de yllustraasjes safolle mooglik neffens de feiten te meitsjen, hat er ôfbyldingen fan minsken út dy tiid besjoen.

Yn dy tiid fan Fryske Frijheid hie Fryslân binnen it Hillige Roomske Ryk in protte autonomy. It bestie út lytse, selsstannich bestjoerde gebieten dêr't haadlingen de skepter swaaiden. Dy haadlingen woenen lykwols hieltyd mear macht en rekken slaande deilis mei-inoar. Om sterker te stean, sleaten se bûnsgenoatskippen, wêrtroch't úteinlik twa partijen oerbleaunen: de Skieringers en de Fetkeapers. Yn *Fete* giet it oer de striid tusken dy twa partijen. It is in ferhaal oer langstme nei macht en it behearskjen fan safolle mooglik lân (en stêden) en oer grutskens en net tajaan wollen, ek al soe de dea derop folgje.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte: = groep, = twatallen, = yndividueel, = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach 'Wêr gong it boek oer?' Is faak net sa'n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte faak de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers. Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving,* bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. De *Vertel eens*-oanpak komt derop del dat de learlingen en learkrêft oan 'e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy't net kloppen?).
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy't hieltyd weromkomme yn it boek?).

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolommen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy't faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy't oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

SKRIUWE – *tekstballonnen ynfolje*



Tarieding dosint: print **wurkblêden 1, 2 en 3** út. Jou elk twatal de trije wurkblêden.
Utlis foar de learlingen:

Sjoch goed nei de plaatsjes. Wat sjochst? Wa sjochst?

1. Wa soenen dat wêze?
2. Wat dogge se?

Tink dêr goed oer nei en besprek de antwurden op de fragen yn dyn twatal.

Folje no de tekstballonnen yn om it ferhaal datsto betocht hast op te skriuwen.

SKRIUWE – *betink sels in koarte strip*



Nedich:
A4-papier of in grutter formaat om op te tekenjen. A4 om op te sketsen. Lyntsjepapier om it ferhaal op te skriuwen. Pinnen en kleurpotleaden. Liniaal om de fakjes te tekenjen.

Elke strip begjint mei in senario. Dat skriuwst sa:

1. Wa binne de persoanen yn it ferhaal? Dat meie der twa wêze, plus eventueel in (hús)dier.
2. Skriuw yn it koart op wêr't it ferhaal oer giet. Dat mei skiednis wêze, humor, in leafdesferhaal, sciencefiction: watst mar wolst.
3. It ferhaal moat yn trije stripblokken passe. Skriuw op it lyntsjepapier hokker part fan it ferhaal ast fertelle wolst per blok. It lêste blok is faak in twist, in ferrassing, in grap.
4. By in strip is it sa dat it ferhaal net allinnich yn wurden, mar ek yn byld ferteld wurdt. Skriuw ek op hokker yllustraasje ast meitsje wolst per blok.
5. Meitsje sketsen fan de tekeningen. Wêr komt de tekstballon? Let op: in tekstballon mei ek in tinkwolkje wêze. Ek kin dêr yn stee fan in tekst in lêsteken yn stean. Yn in strip stiet faak in onomatopee, AARGH, OEF, BENG: dat soarte wurden.
6. Tekenje trije blokken fan 10 x 10 sintimeter. Tekenje en skriuw dêryn jimme eigen strip.

TEÄTER – tableau vivant



Tableau vivant betsjut libjend skilderij. It is in swijende statyske útbylding troch minsken fan in skilderij of histoarysk barren. Jimme hawwe no *Fete* lêzen.

Tarieding foar de dosint: 10 minuten

1. Meitsje in list mei personaazjes út *Fete*. Dy binne te finen foar yn it boek. Skriuw efter elk personaazje de namme fan in learling.
2. Keppelje oan elk personaazje in posysje. Sit er? Stiet er? De fûst omheech? Lizzend? Of just yn de starthâlding om fuort te draven?
3. Betink in geskikte lokaasje foar it tableau vivant.

Under de les: 10 minuten

1. Lis de opdracht út.
2. Set elkenien yn posysje.
3. Meitsje in foto, bewurkje de ôfbylding ta in sepia portret. Ekstra opsje: lit elkenien klean oanlûke dy't passe by de midsiuwen.

LÊZE – *(foar)lêze fryske frijheid*



Lês út it boek *Gewoan gek op skiednis*, haadstik 7: *De Fryske frijheid*, skreaun troch Mindert Wijnstra. Dat kin klassikaal of yndividueel. As klassikale foarm kinst derfoar kieze learlingen om en om in stikje lûdop foarlêze te litten.

Fragen *foar* it (foar)lêzen:

1. Wat witsto fan de midsiuwen?
2. Hoe soe it doe yn Fryslân west ha?
3. Soesto libje wolle yn dy tiid, wêrom wol/net?
4. Wat soe 'de Fryske frijheid' betsjutte?

Fragen *nei* it (foar)lêzen:

1. Wat kinsto no fertelle oer 'de Fryske frijheid'?
2. Fynsto dat de Fryske frijheid fan doe no noch te merken is yn Fryslân?
   Wêrom wol/net?
3. Yn de tiid fan de midsiuwen stiene faak de tsjerke en de adel oan it roer yn in lân. Hokker bestjoer hat Fryslân no? Wa hat no de lieding? Is dat de polityk? De tsjerke? De adel?
4. En yn nederlân?
5. Bisto tefreden oer it bestjoer yn Nederlân en Fryslân?
   Wêrom wol/net?
6. Wat soesto as earste feroarje yn ús lân of provinsje asto yn de polityk sitte soest?


PRATE – *rûntepetear*



Yn de strip *Fete* is der in boargeroarloch. De Skieringers en de Fetkeapers fiere in striid om de macht oer in gebiet te krijen. Dat kostet in protte koppen, inkeld om mear macht te krijen. Fragen om mei de learlingen klassikaal te besprekken:

1. Hokker oarloggen spylje der op dit stuit yn de wrâld?
2. Kensto ien dy't foar in oarloch flechte is nei nederlân? Wat witsto fan syn/har ferhaal? Miskien wol by jimme yn de klasse. Wol hy/sy dêr wat oer fertelle?
3. Kensto minsken dy't de Twadde Wrâldoarloch meimakke hawwe? Wat witsto troch harren ferhalen oer oarloch?
4. Soe der yn nederlân ek in boargeroarloch komme kinne?
   Fertel wêrom wol/net?
   Sa ja, wêroer soe dat gean kinne?
5. Der binne yn de maatskippij minsken dy't oars tinke oer bygelyks de lânbou en oer corona. Soe dat ta in boargeroarloch liede kinne?
6. Wat soe der barre yn ús lân as der in boargeroarloch begjinne soe?
7. Wat soesto dwaan? Meifjochtsje? Yn it ferset? Flechtsje nei in oar lân?
   Wêrom?

WURKBLÊD 1 - FETE



WURKBLÊD 2 - FETE



WURKBLÊD 3 - FETE

